



desimber 2024


Bêste donateurs en belangstellenden,

Oan 'e ein fan dit jier ynformearje wy jo wer graach oer de aktiviteiten fan de Paulus Folkertsma stichting.

Brûnzen byld fan Paulus Folkertsma

Sa't wy earder melde, hawwe wy it inisjatyf nommen om in brûnzen boarstbyld fan Paulus Folkertsma te meitsjen op in sokkel yn Aldeboarn.

Fan plan oant realisasje wie in lang en yntinsyf proses. Troch de meiwurking fan in protte partijen is it ús slagge om it einresultaat, makke troch byldhouwer Ben van der Geest, yn septimber werklik te presintearjen. Yn oerlis mei de gemeente Hearrenfean is foar dit monumint keazen foar in prachtige lokaasje, nammentlik Ald Swettebuorren tsjinoer nûmer 13 yn Aldeboarn.



Under grutte belangstelling hat wethâlder mefrou Hedwich Rinkes, út namme fan de gemeente Hearrenfean, tegearre mei de widdo fan Paulus Folkertsma it boarstbyld ûntbleate.

De Boarnster muzykkorps Concordia soarge foar in muzikale omlisting.

Dit projekt is finansjeel mooglik makke troch:

Gemeente Hearrenfean;
Stichting Lammert Koopmans;
Stichting Van Heloma;
PW Janssen Fryske Stichting;
Stifting Douwe Kalma;
en bydragen fan partikulieren fia crowdfunding.

Wy tankje elkenien dy't bydroegen hat om it byld mooglik te meitsjen.
Jo stipe as donateur of belangstellende bliuwt wichtich om de doelen fan ús stichting te realisearjen.

Wy sille de kommende tiid aktyf besjen hokker aktiviteiten we takom jier realisearje kinne. Op ús webside www.paulusfolkertsma.nl en fia dizze nijsbrief hâlde wy alle nije ûntjouwings by.

It bestjoer fan de Paulus Folkertsma Stichting winsket jim in lokkich, sûn en muzikaal 2025 ta.

NIJS is in útjefte fan de
Paulus Folkertsma Stichting.
NIJS wurdt tastjoerd oan
donateurs en belangstellenden.
Redaksje: Sekretariaat fan de
Stichting, Hemma Oddastrjitte 13
8927 AA Ljouwert
Donaasjes: minimaal € 11,50 per jier
bankrekkennûmer
NL65 RABO 0131587048
t.n.f. Paulus Folkertsma Stichting.
Ynternet: www.paulusfolkertsma.nl
E-mail: info@paulusfolkertsma.nl
Keamer fan Keaphandel nr. 41004030